

Skiedskriuwing Friezen om utens Fuortgong

Bêste minsken!

Wy binne, in skoftsje lyn al wer, út ein set.

Nei bûten ta liket it krekt as bart der, bûten wat josels faaks dogge, neat, mar dat is skyn.

Dêrom no efkes in berjochtsje mei de stân fan saken.

Kontaktpersoanen

Alle kriter binne frege om kontaktpersoanen oan te wizen.

In grut part hat dat al dien; yn in part fan de kriter fersoarget it bestjoer it kontakt.

In inkelde krite hat noch net reagearre.

Dit berjocht giet nei:

- alle kriter, ek nei de kriter dy't noch net reagearre hawwe,
 - de kontaktpersoanen,
 - de minsken dy't frege binne om mei te wurkjen,
- en komt fansels op de webside

Fraachpetearen

Fraachpetearen sille mei guon minsken hâlden wurde.

Meastentiids sille dat minsken wêze, dy't noch wat fertelle kinne oer eardere kriter.

Sa hat frou Jantine de Boer fan Apeldoarn krektlyn al in fraachpetear hân mei Johannes Oegema oer de eardere krite Sutfen.

Bekendheid jaan

Dat wurdt dien troch publikaasjes yn kranten, blêden en oare media.

Oant no ta is dat dien yn:

- de **Ljouwerter Krante** mei in artikel fan Pieter de Groot,
- de **Fleanende Krie** fan de KFFB.

De Fryske Akademy is frege in artikeltsje op te nimmen yn 'Ut de Smidte', in blêd dat syn fersprieding oer de hiele wrâld hat. Itselde jildt trouwens ek foar de Fleanende Krie fan de KFFB.

It **Friesch Dagblad** bin ik mei dwaande en sa sil der nei de **lânlike blêden** ta ek besocht wurde om dêr omtinken foar dit projekt te krijen.

Omrop Fryslân bin ik mei dwaande om dêr wat klear te krijen wat de radio en ynternet oanbelanget. TV soe ek moaie wêze fansels, mar dat sil net sa maklik gean. Lykwols besykjen is it neiste rjocht.

It **ynternet** sil yngeand trochsocht wurde. Foar de kriteren fier om utens bin ik dêr al mei begûn. Fierder sille de e-mailadressen fan **Simmer 2000** 'oanskreaun' wurde. Wa wit komt dêr ek noch wat út.

En fierder sille fansels de saneamde **Emigraasjekranten** om stipe frege wurde..

Sammelfase

Dêr sitte wy no yn.

Dat betsjut dat de kriteren/kontaktpersoanen no dwaande binne mei it sammeljen fan it materiaal en dêr in kar útmeitsje. Mei oare wurden oanjouwe wat neffens de krite nijsgjirrich is om yn it boek op te nimmen.

Der hoecht noch net skreaun te wurden, alteast net in kant-en-klear stik foar it boek.

Ik tink dat it goed is en lêse de 'Ynformaasje foar de kriteren...' fan 18 desimber 2006 nochris goed troch. Dy ynformaasje haw ik foar de folsleinens hjir wer taheakke.

Koartsein: No is it **sammelje** en as krite in **earste kar meitsje**.

Seleksjefase

It sammele materiaal (kinne bgl. kopyen fan de te brûken passazjes wêze) kin stjoerd wurde nei de projektlieder foar de (eardere) kriteren yn Nederlân, ús foarsitter, Hâns Dijk.

It Boun sil ynkoarten - yn maart o.s. - in seleksjekommisje ynstelle, dy't dan begjinne kin sadree't de earste krite har materiaal oanlevere hat. Sa'n komisje kin fansels ek in rol spylje as kriteren op problemen stuitsje of fragen hawwe oer de oanpak.

Dy komisje besjocht it oanlevere materiaal en makket yn oerlis mei de krite in kar.

Is de seleksjekommisje klear mei in krite of eardere krite, dan kin begûn wurde mei it skriuwen. In besteande krite kin sels in redakteur leverje.

Dan komt de **redaksjefase**, mar dêr woe 'k mar by de folgjende fuortgongsbrief op yngean.

Ta **beslút** noch in oprop nei oanlieding fan in reaksje.

Oprop

Ik haw in reaksje hân fan in van der Wal út De Wijk.

Dy fertelde dat syn heit Bauke van der Wal nei 1945 mei Frans Krips wol in 100 optredens dien hat as in soarte fan Winterjûnenocht, ek by krite bûten Fryslân. Stikken dêroer sil ik noch by him ynsjen.

Myn fraach is no, binne der krite dy't dêr noch wat fan hawwe of fan witte.

Lit my dat dan mar efkes witte.

Minsken, út namme fan it bestjoer, winskje ik jimme in protte súkses en nocht en wille ta by it sammeljen en it meitsjen fan de kar foar jimme krite.

Mei freonlike groetnisse,

Hâns J. Weijer
Bounsskriuwer

Ynformaasje foar de krite foar harren stik yn it boek oer de skiednis fan de Friezen om Utens

Algemeine ynformaasje boek:

1. Formaat: A4 (sa as boek Apeldoarn)
2. Yndieling: (it tal siden is fansels rûsd; kin de krite mear of minder wêze)

• Skiednis Boun	20 siden
• Krite bestand (30 x 6 siden de krite)	180 siden
• Krite opheft (40 x 4 siden de krite)	160 siden
• Bûtenlân	25 siden
• Ynlieding, List yntekeners en register fan persoanen en plakken	15 siden
• Unfersjoen	50 siden
Totaal	450 siden

N.B.

- By it sammeljen foar jo krite net tefolle liede litte troch it tal siden.
- Der komt ommers in seleksjekommisje, dy't út it oanlevere materiaal, in seleksje makket.

- De úteinlike kar wurdt fansels makke yn oerlis mei de krite(kontaktpersoan).
- Dêrnei giet ien en oar nei de redaksjekommisje, dy't der sa nedich in
- ferbinende tekst fan makket en/of de oanlevere teksten hifket.

Tiidpaad:

3. Alle ynformaasje moat op syn lêst foar1 maart 2008 by de seleksjekommisje wêze

Foar wa is it boek bedoeld?

4. It boek moat útnoegje ta lêzen, ta keapjen fan bygelyks:
- de kriteleden
 - de gewoane Friezen, dy't nijsgjirrich binne nei it hoe en wêrom fan
 - de bining fan Friezen mei elkoar en/of mei Fryslân en it Frysk
 - de neiteam fan (eardere) kriteleden
 - elkenien dy't it ferskynsel Fries om utens nijsgjirrich fynt
5. It boek moat dêrom foldwaan oan de easken fan:
- noflik, net dreech te lêzen
 - nijsgjirrige ynformaasje jaan, bygelyks:
 - Sa folle mooglik nammen fan minsken. It giet om (bestjoers)leden, toanielspilars, sjongers, dûnsers, ensf. Je moatte je foarstelle dat it tinkboek foaral bedoeld is foar ús famylje, foar ús kunde, foar ús bern en bernsbarn. Nammen fan minsken binne altyd nijsgjirrich. Faaks is it ek nijsgjirrich wêr't de minsken yn Fryslân berne binne en wat foar berop se hienen. Der moatte foaral ek foto's yn it stik stean. It giet om foto's fan kriteleden, fan bestjoersleden, fan toaniel, fan sang, fan dûns, fan kritejûnen, ensf. Ek krantekniptsels kinne brûkt wurde.
 - Anekdoatyske gegevens. Spannend binne fansels de skelen, mar ek de komyske saken, dy't har ôfspile hawwe.

It oan te leverjen materiaal:

6. Wêr komt dat wei?:
- Eigen argyf, tinkboeken, krante-artikels ensfh.
 - Argyf by Tresoar (earder FLMD).
7. Hoe kin it oanlevere wurde? Bygelyks as:
- Kopy út argyf, tinkboek of krante-artikel.
 - Skreaun stik yn Word of typt; leafst yn it Frysk, mar yn it Nederlânsk is ek gjin beswier (dat kin letter oerset wurde).
 - Utskreaun fraachpetear of mooglik op bân of sa.
 - Foto, as negatyf, dia, tekening, tabel, ensfh..
8. Ynhâld:

- Te ferwachtsjen is dat yn de ûnderskate stikken foar in part deselde ûnderwerpen oan 'e oarder komme mar ek foar in part sille de ynbrochte stikken gâns ferskille. Eltse krite hat ommers syn eigen skiednis en syn eigen identiteit.
 - By it skriuwen fan it stik is eltse krite ôfhinklik fan de fraach of 't der oan dossierfoarming dien is. Ek op dat mêd sille de ferskillen grut wêze, mar dat is gjin beswier. Úteinlik skriuwe wy op wat we witte en wat we net witte komt net yn it tinkboek te stean.
9. Ynformaasje oer oare kriteren of oer ophefte kriteren, dêr't leden fan jo krite lid fan west hawwe, graach trochjaan.
10. Sa nedich kin foar fraachpetearen kontakt opnommen wurde mei de projektlieder.
11. Suggestjes foar de ynhâld, dy't foar de hân lizze:
- Yn hokker jier is de krite oprjochte? Wa wienen by de oprjochting belutsen. Hoe gie it yn syn wurk. Is bekend wêr't de oprjochters wei kamen? Wat wie harren maatskiplike posysje/berop? Falt der wat te sizzen oer de eftergrûn fan de oprjochters en de kriteleden?
 - Wa binne de bestjoersleden troch de jierren hinne. It moaist is ek de jiertallen te neamen fan op- en ôfgean, mar as dy net bekend binnen dan is dat net oars.
 - Is der wat te sizzen oer it ferrin fan it ledebestân. Binne der ynfloeden te neamen foar dat ferrin. As getallen net foar 100% bekend binne dan kin folstean wurde mei skattings.
 - Oandacht kin jûn wurden oan Eareleden en Leden fan Fertsjinsten. Wat wie harren eftergrûn en wat wienen harren feartsjinsten. Ek oare leden, dy't in protte foar de krite betsjutting hân hawwe, kinne neamd wurde.
 - Oandacht moat jûn wurde oan mooglike toaniel- sjong- en dûnspluogen. Wannear hawwe de inisjativen west ta oprjochtsjen en wannear breek it harren by de hannen om't ôf.
 - Hokker oandacht is jûn oan jubilea. Wat wie destiids it program? Wat wienen fierder de hichtepunten yn al dy jierren. Wat wienen de kritejûnen dy't men nea ferjitte sil?
 - Binne der fierder noch anekdoates te fertellen? Hawwe der noch rûzjes yn it bestjoer of yn de krite west?
 - It is ek winsklik om fraachpetearen te hâlden mei âlde leden of âldleden.
12. It is beslist net sa dat de rjochtlinen fêst lizze. It is krekt oarsom. We skriuwe op wat we witte en wat nijsgjirrich is.